Fiskrjochten yn Hinnaarderadiel (ca. 1550-1850); De doarpsgebieten fan Hidaard, Hinnaard, Iens, Lytsewierrum-Rien, Wjelsryp en Wommels

Earder opnommen yn *Klaaikluten* 2006/2:7-16

Jelle Miedema

Eartiids wienen fiskrjochten ferbûn oan it ûnderhâld fan in syl, set of tille. Sokke rjochten en plichten foelen faak ûnder in state of in sate, mar ek it doarp en de tsjerke wiene fan de partij. Al dy aspekten komme yn dizze en neikommende bydrage oan bod. Earst jou ik in oantal foarbylden fan fiskrjochten en dêrnei beskriuwingen fan dy rjochten oan de hân fan akten. Ik begjin mei Hidaard en eindigje, yn in folgjende bydrage, mei Wommels.

Oan it ûnderhâld fan in syl wie gauris fiskrjocht ferbûn yn it wetter dat troch dy syl rûn. Teminsten, dat wie sa foar de Hidaardersyl, de Littensersyl (ek Krommesyl), de Tolsumersyl en de Getswerdersyl yn de Slachtedyk (1). Hjir giet it no om de Hidaardersyl en de Littensersyl. It ûnderhâld fan de Hidaardersyl foel fóar 1556 ûnder de fjouwer doarpen 'binnenhoeps' fan de âlde polder fan Easterein en neí 1556 ûnder Jorritsmasate by Hidaard, mei foar dy sate fiskrjocht yn westlik in stik fan de Kleasterfeart en eastlik de Hidaarderfeart (sjoch it kaartsje).
Mei de Littensersyl lei it wat oars. Al yn 1469 falt it ûnderhâld fan dy syl ûnder de ferantwurdlikheid fan de Hottinga's yn Wommels en ek yn lettere ieuwen is dat it gefal. Yn elts gefal fan 1555 oant 1835 ta falt it ûnderhâld fan Littensersyl ûnder Hottinga State (neí 1763 allinnich de sate) en dêroan is dan fiskrjocht ferbûn yn de Trekfeart fan Brewaar oant de Warntille ta.
Giet it hjir fanâlds om rjochten en plichten fan adel en einierde boeren? Dat soe kinne, mar út datselde laach kamen ek de grytmannen, bysitters en tsjerkfâden wei dy't it wetter bestjoerlik yn goede banen liede moasten.

De Hidaardersyl (foto JM 2006)

Fiskrjochten wienen net altiten ferbûn oan it ûnderhâld fan in syl, set of tille. In foarbyld dêrfan is Sassinga State ûnder Hinnaard. Dy state hie fiskrjocht yn de Trekfeart fanôf de Warntille by Wommels oant Spyktille ûnder Hinnaard ta, mar mei it ûnderhâld fan dy tillen hienen de Sassinga's neat te meitsjen (2). It ûnderhâld fan tillen mei dêrby ek fiskrjocht foel as regel ûnder in neistlizzende pleats of in oar bedriuw tichteby. Foarbylden dêrfan binne de buorkerij by de Warntille en de kûperij eartiids by de Tille ûnder Wjelsryp. Mooglik lei op sa'n plak earder in set dat troch it meast neistlizzende 'huys' ûnderhâlden wurde moast. As foarbyld fan in pleats mei fiskrjocht by allinnich in âld set ha we de Sinterklazepleats ûnder Iens.

Neist de state, sate en it doarp (lês: adel, boeren en boargers) hie ek de tsjerke (pastoar, dominy; tsjerkfâden) te meitsjen mei fiskrjochten. Dêrfan is in foarbyld de pastorije en tsjerke fan Wjelsryp, mar dêroer straks. Oan staten en/of saten wienen faak fan ieu op ieu deselde rjochten en plichten ferbûn. Lykwols, nije eigeners hienen net altiten like folle op mei dy rjochten en plichten. In sprekkend foarbyld dêrfan is Hottinga State cum annexis ûnder Wommels. Rom foar 1695, doe't de lêste Hottinga Wommels ferliet, krige de state as nije eigener in âld-militêr, wylst de sate yn besit fan boargers-keaplju kaam. Nei ôfbraak fan Hottinga State, yn 1763, gongen de rjochten en plichten fan de state oer op de sate, mar om 1798 hinne besykje de nije eigeners fan de sate om fan it ûnderhâld fan de Littensersyl ôf te kommen. Hja wolle dan it fiskrjocht noch wol oanhâlde, mar der tsjin in fergoeding ek wol ôfstân fan dwaan – en dan gelyk ek fan de plicht ta ûnderhâld fan de syl.
Oare eigeners fan ûnreplik goed holden lykwols fêst oan harren rjochten en plichten. Lokkich mar, want sa komme we no noch wat oan de weet oer âlde fiskrjochten op de binnenwetters fan Fryslân. Dêroer is noch amper wat skreaun en dat is net mei rjocht. Yn guon úthoeken fan de wrâld litte fiskrjochten sjen hoe't sa 'n fan origine faak kommunaal rjocht yn hânnen kaam fan in bepaalde groep of persoan, al dan net yn ferbân fan de opkommende steat. Spoaren dêrfan sjogge we ek werom yn Fryslân. En wêr't dat twiveleftich is, jouwe dy fiskrjochten in eigen dwerstrochsnee fan lokale mienskippen. En dat is ek winst.

Hjirnei folgje beskriuwingen fan fiskrjochten, sa as dy foarkomme yn akten fan it nedergerjocht fan Hinnaarderadiel en yn publikaasjes oer de Slachtedyk, mei Rienks en Walther (1954) as standertwurk. It oantal lokaasjes en doarpsgebieten is net mear as wat ik oer fiskrjochten yn Hinnaarderadiel fûn ha, mar ek net minder as wat dit jier yn in koarte ynventarislist út 1807 foar it deiljocht kaam. Utputtend is myn oersjoch net, want oan akten út de 16^{e} ieu en akten út oare argiven bin ik amper noch takommen.

Hidaard

1556: Yn 1556 wurdt it ûnderhâld fan de Hidaardersyl troch de fjouwer doarpen fan de Eastereinder polder 'de vier dorpen binnenhoeps' (Easterein, Itens, Lytsewierrum-Rien en Hidaard) foar ivich oerdroegen oan Sipke Taekens te Hidaard. Dy stelt dêr as ûnderpân tsjinoer 15 pûnsmiet lân yn de troch him bewenne buorkerij 'sate Jorrytsma'. Hij krijt dan de 'visschenije', wylst de doarpen him der noch 100 goud gûne op ta jouwe (Rienks en Walther 1954:265).
1635: In Marten Harmens en Bauck Gerlofs, man en frou te Arum, keapje yn 1635 lân yn 'Jorrijtsma sate' te Hidaard en dy sate is dan begeunstige mei it rjocht fan 'visschernije' neffens in kontrakt fan 22 juli 1556 mei Sipcke Taeckes (Van der Meer 2004:164). Van der Meer lit fierder sjen dat Jorritsma sate oan wjerskanten fan de Hidaardersyl lân hie, sawol noardwestlik yn de Hartwerder Mieden as súdeastlik, oan de oare kant Slachtedyk, oant de 'Clyw' (Kliuw) ta.
1684: Minck Jacobs, skipper fan Frentsjer op Ljouwert, docht in bod op 35 pûnsmiet en 6 einsen lân yn 'Jorrijtsma sate tot Hijdaard', besteande út 5 pûnsmiet bûtendyks lân westlik fan de syl, 1½ pûnsmiet 'reydlandt' foar in part bûten- en foar in part binnendyks (d.i. de Slachtedyk) en fierder 29 pûnsmiet binnendyks mei dêrby ek it hiem fan de buorkerij. De buorkerij hat Bauke Rinties as boer en is belêste mei: 'de onderholdinge van Hijdaarderzijll (…), mits genietende wederom het recht van visscherije gelijk het selve bij accoort bij w. Sipcke Taeckes met eijgen dorpsvolmachten gem[…] in dato den 22 juli 1556' (ynv. 48, fol.30).



Sketskaart fan in part fan Littenseradiel, oanpast oan de ynhâld fan dit artikel

Op it bod waard it niaar lein troch neistlizzer Dirck Lamberts, keapman yn Frentsjer, mar of dat wat úthelle hat, wit ik net (sjoch fierder Van der Meer 2004:164-66).
It is yntusken handich te witten dat we ûnder de grytmannen fan Hinnaarderadiel trije Edzarts/ Idserts fine: Edzard van Grovestins (1671-1706), Idzart van Sminia (1706-1754) en Idsert Aebinga van Humalda (1792-1795; 1811-1813). De lêste twa komme we hjirûnder tsjin:

1751: ‘Idzard van Sminia (…) eijgenaar van Jorritsma Staate onder Hijdaard bevoorrecht met een vrije vischernije in de Oldeklooster Vaart beginnende ten westen bij Oldeklooster, en eindigende ten oosten aan de Sneeker Vaart’ (ynv. 67, fol. 49).
1807: ‘Dezelve [no: Idsert Aebinga van Humalda], eene vrije visscherije in de Hydaarder Zijl en in de Oude Clooster Vaart’ (BRF argyf no. 1047 [sjoch Nieuwland e.o. 1988]).
1850-1880: Om 1850 hinne is Jorritsmasate noch ferantwurdlik foar it ûnderhâld fan de syl, mar net mear foar de hiele wetterkearing. De doarpen ‘binnenhoeps’ dogge dan ek wer mei. Yn 1860 binne de sate en de doarpen noch altyd by it ûnderhâld fan de syl belutsen, mar fóar 1880 is dat oergongen op it wetterskip. Fan sate Jorritsma wie yn 1954 allinnich noch in foarein oer en dat stie oan de Hidaarder kant. Hoe’t it mei it fiskrjocht dêr ôfrûn is, is my net bekend. Wol is oangeande de Tolsumersyl bekend dat yn 1871 de folmachten fan it wetterskip it ûnderhâld fan de syl oernamen fan sate Tolsma. En dy sate hold doe, tsjin in ôfkeapsom fan 350 gûne, noch wol it rjocht fan fiskerij (Rienks en Walther 1954:265/66).

Hinnaard

1748: De jonkers Jan Poppe en Binnert Philip Aebinga van Humalda en freule Baudina Lucia Ebella Aebinga van Humalda dogge yn 1748 in bod fan 8000 karoli gûne op de ‘zaate en landen Sassinga te Hennaard’, mei as brûker Gerben Jans. Ferkeaper is Jr. Frans Binnert Aebinga Glins van Humalda te Dronryp. Mar de keap gong net troch, it soe om in ûnferdielde boedel gean. Dy saken binne hjir net belangryk, wol de passaazje: ‘…volgens den koopbrief van den 4e Aug: 1748 waar in meede staat uitgedrukt dat deeze zaate gerechtigd is met de vrije visserije, en zwaane jacht’ (ynv. 50, fol. 217). (3)
1750: Op 26 oktober 1750 lizze Dirk Sylstra ‘extra-ordinaris adsistent’ fan Hinnaarderadiel te Wommels, âld 62 jier, en Murk Sylstra, skoalmaster te Hinnaard, 38 jier, in ferklearring ôf op de sekretary te Wommels oer ‘t Recht der Visserijen in Bolswarder Trekvaart’. Hja ferklearje dan, mei as tsjûgen sekretaris dr. Albertus Lyclama à Nijeholt J.U.D en bysitter Jacob Thomas Sippens, dat de Hoog Wel. Geb. Heer F:B: Ae: G: van Humalda’ (Frans Binnert Aebinga Glins van Humalda) as eigener fan Sassinga State te Hinnaard: ‘…altijd heeft bezeeten, en gebruikt de visscherije in de Bolswerder Trekvaart beginnende bij Warntille, onder Wommels, en eindigende bij Spijkster Tille onder Hennaard’ (ynv. 67, fol. 48).
Yn jannewaris 1750 wie in nij ‘Jacht Reglement’ útkommen (folget). It liket der dus op dat de eigeners fan Sassinga State (ek Sassema) der as de piken by wienen om harren fiskrjocht fêst lizze te litten. Mar it is ek mooglik dat de krediteuren fan Jr. Frans Binnert, dy ’t jild sjen woenen, de sate sa djoer mooglik ferkocht ha woenen.
1751: In nije kaper op de kust is Aage Looxma, ‘schepen te stede Sneek’ en syn frou Janke Bouma. Hja dogge in bod fan 6930 goud gûne of Sassinga, mar dêrop wurdt it niaar lein troch de earder neamde jonkers Jan Poppe en Binnert Phillip Aebinga van Humalda. Sate Sassinga is ek dan: ‘begerechtigd met (…) de visscherije in de Bolswerder Trekvaart, waar van de koopers de Registratie zullen moeten bezorgen’ (ynv. 50, fol. 228).
1761: Op 1 desimber 1761 wurdt op de sekretarije yn Wommels in akte presentearre, wêryn’t Jan Poppe Aebinga van Humalda ‘collonel commandant etc. etc.’ te Stynsgea ‘Augustinusga’ en Bennert Phillip Aebinga van Humalda ‘luitenant collonel’ te Dronryp, as eigeners fan Sassinga State te Hinnaard, dan brûkt troch Bauke Greidanus, ferklearje dat de s(t)ate: ‘begeregtigt [is] met een vrije visschernije in de Bolswarder Trekvaart beginnende bij Warntille onder Wommels en eindigende bij Spijktille onder Hennaard volgens wettig certificaat den 25 october 1750 daar aff gegeven en geregistreert in ’t elfde hijpotheekboek van Hennaarderadeel fol. 48 den 26 Oktober 1750 om den middag; versoeke dat desen conform het Jacht reglement van Sijne Hoogheid van den 15e Januarij 1750 ter secretarije van de grietenije Hennaarderadeel werde geregistreert opnieuw tot ijders nazicht’ (ynv. 67, fol. 173).
De akte wurdt registrearre troch sekretaris dr. Jacobus van der Kolk, mei as tsjûge bysitter Doeke Hettes Sjouwstra. De ‘Hoogheid’ neamd yn de akte sil stêdhâlder Willem V west ha (4).
1807: Clara Tjallinga Aebinga van Humalda (1756-1830) troude mei Frans Julius Johan van Eysinga (1752-1828) en sadwaande fine we yn 1807 as eigener fan Sassinga: ‘F.I.J. v. Eijsinga een vrije visscherije in de Bolswarder Vaart van Spijk tot Warntille, behorende bij Sassinga State te Hennaard’ (BRF argyf nr. 1047).

De Sassinga Rijd of Spannumer Lange Daam mei op'e eftergrûn de pleats Sassema of Sassinga (foto JM 2006)

Iens

1751: Idzard van Sminia, grytman fan Hinnaarderadiel, wie eigener fan in protte pleatsen yn Fryslân wêrûnder ferskate yn Hinnaarderadiel. Op 13 jannewaris 1751 wurdt 'ter Secretarije om te registreren gepresenteerd een acte, luidende als volgt': 'Idzard van Sminia (…) eijgenaar van Sint Nicolaas zaate onder Edens begerechtigd met een vrije vischernije in 't geweezene set in de Bolswerder Trekvaart aldaar' (ynv. 67, fol. 49).
De akte wie deis tefoaren opsteld mei it fersyk dat 'deeze volgens 't Jacht Reglement van zijne Hoogheid [Stadhouder Willem V], van den 15e Januarius 1750 ter secretarije van Hennaarderadeel en de Houtvesterije in Vriesland werde geregistreerd'. Oan dat fersyk waard foldien troch sekretaris dr. Albertus Lijcklama à Nijeholt, yn oanwêzigens fan bysitter Jacob Thomas Sippens.
1807: 'Dezelve [hjir Idsert Aebinga van Humalda], eene vrije visscherij met fuiken in het gewezen zet in de Bolswarder trekvaart, behorende aan de sathe onder Edens St Nicolaas' (BRF nr. 1047).
Op 'e nij is hjir sprake fan in 'vrije visscherij met fuiken'. Yn dizze bydrage giet it net om it fiskark, mar ien rigele dêroer is wol op syn plak. Ha we earder sjoen dat oant fier yn de foarige ieu Rien in tichtsetfiskerij ryk wie (Miedema 2002), de folgjende kear sille we sjen dat yn 1778 by Wommels mei in seine 'zegen, sleepnet' fiske waard.

Yn it midden de trekdyk mei it restant fan de âlde tille oer de Sassinga Rijd of Spannumer Lange Daam; op de eftergrûn it doarp Iens (foto JM, ca. 1966)

Lytsewierrum-Rien

1594: Watze Jitzes Mollema en oaren ferkeapje yn 1594 in tredde part fan de: 'gerechticheyt van de suanejacht, suanen en suanemerck ende visckenije van Rienstersyl' (Rienks en Walther 1954:217; Obreen 1980:'Tijdtafel', 1594]).
Grif foel it ûnderhâld fan de Rienstersyl doe ûnder Mollema sate, want de keaper fan it boppesteande moast de syl ûnderhâlde, sawol it hout- en pealwurk as it izerwurk.
1695/1696: Yn 1695 keapet Hobbe Baerd van Sminia, Raad Ordinaris yn it Hôf fan Fryslân, 43 pûnsmiet yn 'Groot Mollema' (grut 102 pûnsmiet), brûkt troch de widdo fan Melis Jans; ferkeaper is Tialling Palsma fan Greonterp. Yn de keap is besletten: 'de quotele gerechtigheit van een visserie lopende van Wiewerdermeer tot aen Rienster Sijl gelijck mede een Swaene Jagt, die alle in de coop der landen sullen komen te versmelten (…) als mede met de quotele onderhoud van Rienster Zijl' (prokl. Hinn. ynv. 48, fol. 217 e.f.).
In jier letter keapet Hobbe Baard van Sminia op 'e nij lân yn wat dan hyt de 'Zathe en Staate Groot Mollema' (5): 'met een vrije vischernije, streckende van Wieuwerder Meer tot aan Rienster Zijl en met een Swanne jacht' (prokl. Hinn. ynv. 48, fl. 260).
1751: Op 9 jannewaris 1751 wurdt op de sekretary te Wommels 'om te registreeren gepresenteerd een Acte', op 8 jannewaris opsteld troch Jetse van Sminia 'secretaris der Ed: Moog: Heeren Staaten van Vriesland [en] eijgenaar van Groot Mollema Staate te Lutkewierum in Hennaarderadeel groot 102 pond*emat*en bij Tjepke Sjoerdsz als meijer gebruikt'. Neffens dy akte is Grut Mollema: 'begerechtigd volgens koopbrieven van den 11 Maij 1594; den 3e Maij 1626; den 14e Januarij 1695; en den 7e Maart 1696, met een vrije visschernije strekkende van de Wieuwerder Meer tot aan de Rienster Zijl, als meede met een swaane-jacht: verzoeke dat deeze conform het Jacht Reglement van zijn*e* Hoogheid

van den 15en Januarie 1750 ter secretarijen van de Grietenije Hennaarderadeel, en van de houtvesterije in Vriesland werde geregistreerd' (ynv. 67, fol. 49).
Yn dizze akte wurdt sawol it fiskrjocht as it rjocht op swannejacht neamd, mar der stiet net by dat ien en oar meí ta doel hie de Rienstersyl (yn de dyk fan de âlde polder fan Easterein; folget) te ûnderhâlden. Lykwols, sjoen de akte fan 1594 liket dat wol sa west te hawwen en unyk wie de Rienstersyl dêryn dan net (6). De akte wie op 8 jannewaris 1751 tekene troch 'Jse [Jetse] V: Sminia' en waard registreard troch 'mij secretaris ['Alb. Lijklama'] ten overstaan van Bijz. ['J:T:'] Sippens'.



Fiskerij yn de Snitserfeart ûnder Lytsewierrum

Wjelsryp

1543-1562: Al yn 1543 is sprake fan in Tille te Wjelsryp (Obreen 1980). Yn 1562 is dy tille oan nij ûnderhâld ta en dat kin betsjutte dat er âlder wie as fan 1543.
1676: Oant yn 1676 wenje by de Tille yn it doarpsgebiet fan Wjelsryp master kûper Ritscke Jeltes en syn frou Reinsch/Rinske Jelles (foaralden fan de auteur), hy mooglik ôfkomstich fan Lytsewierrum. Yn 1676 geane hja nei Snits te wenjen en ferkeapje foar 340 goud gûne oan Sipke Tobias, mr. kûper te Jorwert (dy foar syn soan Folkert Sipkes) te Wjelsryp: 'sekere huisinge, hoovinge *en*de tuininge sampt boomen ende plantagie cum annexis *en*de geregtigheit van de vischerije in de Tille staende *en*de gelegen binnen den dorpe Welsrijp beswaert met achtien stuivers jaerlijxe grondpacht aan de pastorije' (ynv. 47, fol. 275).
Lang bleau Sipke Tobias (ek: Tabes) net eigener, want trije jier letter ferkeapet hy de kûperij cum annexis al wer. It docht dan bliken dat der nóch in kûper yn Wjelsryp wenne (folget), mooglik de reden dat earder Ritske Jeltes en syn frou harren heil earne oars sochten.
1679: Claes Cornelis, mr. kûper te Wjelsryp, begeart mei syn (earste) frou [Folck?] Foppes bod en konsint op de keap fan in: 'huisinge hoovinge boomen *en*de plantagie, kuiperije *en*de kuipersgereedschap daer by sijnde cum annexis sampt de gerechtigheit van de vischerije in de Tille

staende ende gelegen tot Welsryp […] beswaert met xviij st*uiver*s jaerlix grondpacht aen de pastorije aldaer, bij hen in koop bekoomen van Sipke Tabes tot Jorwert, voor de somma van 180 ggl. van xxvij st*uiver*s…' (ynv. 47, fol. 293/94).
1719-1722: Yn 1719 ferkeapet Mattie Claeses, dochter fan Claes Cornelis en Ansck Sinnes fan Wjelsryp, foar 188 karoly gûne oan Romke Hotses, mr. kûper te Boazum, in 'huijsinge en erve cum annexis aan de vaart bij de brugge onder den dorpe Welsriep, wordende tegenwoordig bij Wijbe Jacobs bewoont'. By it hûs, belêste mei noch altiten 18 stoer grûnpacht oan de pastorije, hearden sa as gebrûklik 'lasten, actien, servituten en gerechtigheden', mar wat dat lêste ynhâldt stiet der net by (ynv. 49, fol. 208/209v). Dat is oars yn 1722, want dan ferkeapet eigener-bewenner Romke Hotses, mr. kûper te Wjelsryp, foar 237 karoly gûne oan Hans Hansen, mr. timmerman te Wjelsryp: 'sekere huijsenge en erve cum annexis, staende en gelegen onder Welsriep bij de brugge aan de vaart, sijnde begeregtigt met de vischernije onder de Welsrieper tille' (ynv. 50, fol 2).

De Tille fan Wjelsryp (foto JM 2006)

1738-1745: Hans Hansen, mr. timmerman te Wjelsryp, en Hendrik Jans fan Spannum geane yn 1738 in ruil of 'wandelkoop' oan. Hendrik Jans docht syn hûs mei hôf te Spannum oer oan Hans Hansen en dy stelt dêr tsjinoer in: 'huisinge en erve cum annexis onder Welsriep aan de vaart bij de brugge, sijnde begeregtigt met de vischernije onder de Welsrieper Tille, wordende bij Jacob Tietes cum soc. gebruikt' (ynv. 50, fol. 144). It hat grutte kâns dat timmerman Hans Hansen it hûs mei kûperij fertimmere hat ta in gewoan wenhûs, want yn 1743 ferkeapet eigener bewenner Hendrik Jans it hûs oan boer en ûntfanger Sierk Sijmens Bouta. Dy waard de nije bewenner (ynv. 50, fol. 193), wylst it hûs twa jier letter yn twaën bewenne wurdt. Sierk Siemensz Bouta ferkeapet dan nammentlik foar 100 karoly gûne oan Riemer Wouters, ek te Wjelsryp: 'zeekere halve huisinge zijnde de oostersche kamer met de hieminge en hovinge op de zuid en noordzijde tot aan de middelgevel (bezwaard met achtien st*uiver*s jaarlijksche grondpacht aan de pastorije van Welsrijp, zonder de minste gerechtigheid aan de visserije in de Tille, die geheel zal blijven bij de westersche kamer' (ynv. 50, fol. 204).
1761: Yn 1761 ferkeapet Reimer Wouters' widdo Tjeske Pieters te Wjelsryp foar 120 karoli gûne oan (tink har soan) Pieter Riemers, arbeider te Wjelsryp, de boppeneamde 'oostersche kamer' en dat bart ûnder deselde kondysjes as yn 1745 (ynv. 41, fol. 133 verso). De eigener fan de westlike keamer is dan noch ûntfanger Sierk Bouta, dy't datselde jier foar 200 karoli gûne syn helte ferkeapet oan Auke

Siebes, ‘extra-ordinaris adsistent’ te Wjelsryp. It fiskrjocht yn de Tille wurdt dan net op’e nij neamd (prokl. ynv. 51, fol. 141 verso). Dat skynt tusken 1761 en 1771 oergongen te wêzen op de eastlike helte, dy’t yntusken ek de grûnpacht opbringe moast.
1771-1773: Op 25 desimber 1771 lit Pieter Riemers, arbeider te Wjelsryp de keap en oerdracht registrearje fan: ‘mijn recht en gerechtichtigheid van de vissernije in de Welsrieper Tille zoo en [in] dier voegen als ik vercoper die hebbe geadquireert en beseten, tog de coper Pieter Jacobs zal ongehouden wezen tot enige lasten offte beswarenissen, welke aangemelde visserij annex waren, alzoo voors: recht aan hem vrij en onbeswaart vanwege hoe genoemde lasten, is overgedragen. En zulks voor de somma van vijff en veertig caroligls’ (ynv. 67, fol. 290).
De keap wurdt registreard troch sekretaris Van der Kolk, mei as tsjûge bysitter Lambert de Gavere; keaper Piter Jacobs is ‘huisman’ (boer) te Wjelsryp. Yn 1773 ferkeapet Pieter Riemers foar 330 karoli gûne syn ‘oosterse kamer’ etc. oan Obbe Paules, boer ûnder ‘de Riep’ (Dronryp) en syn frou Menke Willem, sûnder it rjocht op fiskerij yn de Tille (ynv. 52, fol. 144). De eigener fan de westerse keamer is dan noch Auke Siebes.
1772: Op 18 febrewaris 1772 wurdt troch Marcus Hendriks Goffinga, as tsjerkfâd foar de tsjerke fan Wjelsryp, by sekretaris dr. Jacobus van der Kolk te Wommels om te registrearjen oanbean: ‘…een gerechtigheid van een vissernij in de Snekervaart in het zet van het groot draaij over de Sneekervaart leggende aan de Buure Fenne en aan de kerkeplaats. […] noch geeft dezelve als kerkvoogd in die qual*iteit* een geregtigheid aan van een vissernije in de Snekervaart aan [2x aan] van weegens de pastorij begeregtigt met een vissernije in het zet in de Snekervaart leggende in de pastorije landen’ (ynv. 67, fol. 291/92).
1784: Obbe Paulus, boer ûnder Dronryp, ferkeapet foar 400 karoli gûne syn eastlike keamer cum annexis oan Andrijs Jacobs te Wjelsryp. Dy helte is yntusken frij fan grûnpacht, mar no wol eksplisyt belêste mei in part fan it ûnderhâld fan de tille: ‘wegens turff tot aanvulling en het aaneerden van de brugge tot drie en tweede voet, sonder nochtans enig recht tot de visserije in voorn*oemde* Tille te mogen praetenderen’. De bewenner fan de westlike keamer is yntusken in Jan Luuwes (ynv. 53, fol 120). Hjir wurdt dus foar it earst in ferplichting ta ûnderhâld fan de tille neamd, wylst it fiskrjocht yn dy tille yntusken net mear by de bewenners yn de âld-kûperije leit.
1807: Op 2 febrewaris 1807 stjoert J. Alberda, drost fan Hinnaarderadiel, oan it doetiidse bestjoer fan Fryslân in ‘lijst der, in dezen bedrijve, geregistreerde Zwane Jagten en Visscherijen’ en dêryn lêze we: ‘De pastorie van Welsriep een vrije visscherije met fuiken in een zet in de Sneeker vaart onder Welsriep. W. Ringnalda cum soc. een vrije visscherije met fuiken in de brug, leggende over de Sneeker vaart ten Z.W. van Welsriep. Dezelve cum soc. een vrije visscherije in een zet in de Sneeker vaart ten westen van Welsriep’ (BRF argyf no. 1047 [neamd yn Nieuwland e.a. 1988]).
De akte waard meí-ûndertekene troch dr. H.W. van der Kolk, soan fan boppeneamde Jacobus. Yn de ‘vrije visscherije’ gong it dus foaral om fiskjen mei fûken.

De ferlieding is grut om hjir neier op dizze hinne- en werskowerij fan rjochten en plichten yn te gean, mar earst komt de Warntille en de Trekfeart yn it doarpsgebiet fan Wommels noch oan bod. Dêroer de oare kear mear.

Noaten:
(1) Ek oan it ûnderhâld fan de Tolsumersyl en fierderop nei it noardwesten de Getswerdersyl wienen al ier fiskrjochten ferbûn (Rienks en Walther 1954:259 263; sjoch ek noat 6). Hoe’t dat siet mei de Sânleanstersyl, nei it súddeasten ta, moat noch útsocht wurde. Faaks stiet dêroer wat yn de argiven fan Snits, want dy stêd naam as belanghawwende yn 1527 it breder meitsjen fan de syl foar syn rekken. De Sânleanstersyl wie al bekend yn 1381, mar wie fóar 1527 nei alle gedachten net mear as in beheind úwetteringsslúske dat net geskikt wie foar skipfeart (Wynia 1983:36-37).
(2) Oer de Warntille in oare kear mear. Spyktille is om 1648 hinne as ‘hynstetille’ yn de trekdyk fan Boalsert nei Ljouwert oanlein op kosten fan de stêd Boalsert. Earder lei op dat plak in waad (H.W. Kuipers, yn: Kuipers en Valkema 1983:7, 16). Yn 1695 is sate ‘De Spijck’ ûnder Hinnaard belêste mei it ûnderhâld fan de tille ‘op de vaart leggende’ (prokl. Hinn. ynv. 48, fol. 214, 251). Mar mooglik stie dy sate yn 1695 der net allinnich foar, want yn 1738 is ‘sathe Spijk’ mear spesifyk ‘belemmerd met ’t onderhoud van de Spijk Tille voor drie vierde parten van de helft aan de oostkant’ (prokl. Hinn., ynv. 50, fol. 154). Fan in fiskrjocht is yn dy akten gjin sprake.
(3) Yn it pleatsenboek fan Van der Meer (2004) wurdt by Sassinge s(t)ate wol it swannerjocht mar net it fiskrjocht neamd.

(4) Sjoch op de website fan Tresoar yn ‘argiven’. Dêryn fine we neamd in: ‘Reglement van de Stadhouder Willem V betreffende de houtvesterij in de Provincie Friesland 1750-1760’, mei stikken oer de jacht en fiskerij (argyftitel: Familie Thoe Schwartzenberg en Hohenlansberg).
(5) War hjir it wurd ‘state’ oanbelanget: faaks lei Grut Mollema op it plak fan it ‘Stenhuyse bi Molla’ út 1329 (Oorkonden I, 1).
(6) Yn 1544 binne de Liauckema’s fan Seisbierrum ferantwurdlik foar it ûnderhâld fan de Getswerdersyl. Yn 1642 wol Jarich Liauckema it ûnderhâld wol ‘tot laste vant huys toe Liaukama’ komme litte, mar dan moast hy wol ‘wer [sic] it rjocht fan ‘fiskenye ende swaenejacht ynden Rije’ útoefenje kinne (Rienks en Walther 1954: 259). Ik kom yn myn folgjende stikje oer de Littensersyl op Liauckema werom. Hjir wol ik allinnich even wize op dy kombinaasje fan fisk- en swannerjocht.

Foar ferwizingen, sjoch: Fiskrjochten yn Hinnaarderadiel (II)